

OBS Het Slingertouw  
O.f.   
Schoterplein 29  
8448 RP IT HEARRENFEAN

Ljouwert, 22 desimber 2022  
Ferstjoerd, **22 DEC. 2022**

Ús merkteken : 02057482  
Ôfd/Opjefte : Subsydzjes  
Opsteld troch : Subsydzjes - KGF / (058) 292 59 25 of provincie@fryslan.frl  
Jo merkteken :  
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : PF-2022/246571: Beslút oangeande jo oanfraach subsydzje foar it  
frijroasterjen fan in wurknimmer yn it basisûnderwiis. Subsydzjeregeling  
Frysk foar no en letter, iepenstelling 2022.

Achte ,

Op 29 septimber 2022, lêste oanfolling op 20 oktober 2022, hawwe wy jo subsydzje-oanfraach yn it ramt fan de Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter (hjinnei: de regeling) ûntfongen. Jo freegje € 4.480 subsydzje oan foar it frijroasterjen fan in wurknimmer foar it folgjen fan de oplieding Taalkoördinator meartaligens (hjinnei: jo projekt) yn it ûnderwiis op jo skoalle foar primêr ûnderwiis. Jo oanfraach is by ús ûnder saaknûmer PF-2022/246571 registrearre. Yn dit brief stiet ús beslút en lizze wy út wêrom't wy dat beslút nommen hawwe.

### **Wat is ús beslút?**

Wy hawwe besletten jo in subsydzje fan € 4.480,- te jaan.  
Wy stelle it subsydzje hjirby daliks op dat bedrach fêst.

### *Motivearring*

It frijroasterjen om de oplieding foar Taalkoördinator en meartaligens te folgjen draacht by om de mooglikheden fan it Frysk yn jo organisaasje it fuortsterkjen en te fergrutsjen. Dit past yn de doelstelling fan haadstik 3 fan de regeling. Jo projekt foldocht ek oan de kritearia fan kêst 3.2 fan de regeling.

### Wêr is it subsidyje foar bedoeld?

Wy jouwe it subsidyje op grûn fan jo folsleine oanfraach. Yn de ûndersteande tabel stiet hoefolle subsidyje oft jo de aktiviteit krije.

Omskriuwing fan de subsidiearre aktiviteiten op grûn fan haadstik 3	Tal subsidiabele ienheden	Bedrach de subsidiabele ienheid	Fêststeld subsidyje-bedrach
Frijroasterjen wurknimmer foar it folgjen fan oplieding ta Taalkoördinator en meartaligens yn it basisûnderwiis.	112	€ 40,-	€ 4.480,-

Yn de mail fan 20 oktober 2022 hawwe jo oanjûn dat jo it subsidyje foar it Fryske materiaal pas oanfreegje nei't jo boekelist folslein is en dat de subsidyje foar de oplieding Taalkoördinator op € 0,- set wurde kin.

### Wat binne jo ferplichtings?

Mei behâld fan de ferplichtings dy't út de Algemiene subsidyjeferoardering provinsje Fryslân 2013 folgje, wurde by dizze fêststelling fan it subsidyje de neikommende ferplichtings oan jo oplein:

- Jo fiere jo aktiviteiten út sa't jo yn jo oanfraach oanjûn hawwe;
- As wy dat fan jo freegje, litte jo sjen dat de aktiviteiten dêr't jo subsidyje foar krigen hawwe, útfierd binne. Jo kinne dat dwaan troch it opstjoeren fan in dokumint wêr't it dielnimmen oan de oplieding ta Taalkoördinator út bliken docht en it opstjoeren fan in dokumint wêr't de lykwaardige ferfanging by it frijroasterjen út bliken docht mei in oeren registraasje ûndertekene troch de frijroastere wurknimmer en de liedingjaande;
- It kin wêze dat jo de aktiviteit dêr't dit subsidyje foar bedoeld is, net op 'e tiid of hielendal net útfiere kinne. Ek kin it wêze dat jo net mear oan de ferplichtings foldwaan kinne. Dat moatte jo altyd daliks oan ús trochjaan;
- Jo moatte alle stikken dy't mei dit subsidyje te krijen hawwe, op syn minst fiif jier bewarje;
- It projekt moat binnen achttjin moanne nei de ferstjoerdatum fan dit beslút realisearre wêze.

Wy stelle it dêrneist op priis dat jo by it útfieren fan jo aktiviteiten oanjouwe dat de realisearre dêrfan (mei) mooglik makke is troch in finansjele bydrage fan de provinsje Fryslân.

It net foldwaan oan de boppeneamde ferplichtings kin fan dy gefolgen wêze dat dizze subsidyjefêststelling ynlutsen wurdt of yn jo neidiel wizige wurdt op grûn fan kêst 4:49, earste lid, ûnderdiel c, fan de Algemene wet bestuursrecht.

### Hoe wurdt it subsidyje útbetelle?

It fêststelde subsidyjebedrach is € 4.480,-. Wy stribje dernei dat wy binnen twa wike nei de ferstjoerdatum fan dit brief dat bedrach op jo rekken mei nûmer XXXXXXXXXX op namme fan obs Het Slingertouw oerboekt hawwe. By de betelling fermelde wy it skaaimerke fan dit brief. As de neamde betelgegevens net (mear) doge, dan hearre wy dat graach fan jo.

### Hokker wet- en regeljouwing is fan tapassing?

Op dit beslút binne de Algemene wet bestuursrecht, de Algemiene subsidyjeferoardering provinsje Fryslân 2013 en de Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter fan tapassing. Mear ynformaasje dêroer fine jo fia [www.fryslan.frl](http://www.fryslan.frl) en [wetten.overheid.nl](http://wetten.overheid.nl).

Op dit beslút is ek de Beliedsregel foar it foarkommen fan misbrûk en ûneigentlik gebrûk by subsydzjes 2017 (M&O-belied) fan tapassing. Dat betsjut dat wy kontrolearje kinne oft jo de aktiviteiten útfierd hawwe en oan de ferplichtings foldien hawwe. Wy dogge dat troch it opfreegjen fan ynformaasje en it ôflizzen fan tafersjoch besiten.

### Hawwe jo noch fragen?


Nim by fragen kontakt op mei de provinsje Fryslân. Dat dogge jo troch te beljen nei (058) 292 5925. Jo kinne ek in e-mail nei [provincie@fryslan.frl](mailto:provincie@fryslan.frl) stjoere of in brief nei: Provinsje Fryslân, ôfdieling Subsydzjes, Postbus 20120, 8900 HM Ljouwert. Wy wize jo der mei klam op dat jo alle korrespondinsje mei ús oangeande jo projekt fia it neamde e-mailadres en/of postadres fiere moatte.

By kontakt mei ús graach altyd it saaknûmer PF-2022/246571 neame, dat wy jo better helpe kinne.

Wy wurdearje jo ynset foar de Fryske taal en winskje jo súkses by it realisearjen fan de subsidiearre aktiviteiten.

Mei rju achting,

Út namme fan it kolleezie fan Deputearre Steaten,

  
ôfdielingshaad Subsydzjesaken

### Beswier

Dejinge waans belang streekrocht by dit beslút behelle is, kin tsjin dit beslút binnen seis (6) wike nei it ferstjoeren dêrfan in beswierskrift by Deputearre Steaten yntsjinje, Postbus 20120, 8900 HM yn Ljouwert.

Yn it beswierskrift moat op syn minst stean:

- de namme en it adres fan de yntsjinner;
- de deitekening;
- in omskriuwing fan it beslút dêr't it beswier op rjochte is en by foarkar mei it neamen fan it *skaaimer* fan it beslút;
- de grûnen fan it beswier;
- de hantekening fan de yntsjinner.

Mear ynformaasje oer de beswierskrifteproseduere fine jo op [www.fryslan.frl](http://www.fryslan.frl) ûnder "contact", of jo kinne belje mei it sekretariaat fan de beswierskriftekommisje: tel. (058) 292 59 25.

Troch it yntsjinjen fan in beswierskrift skood de wurking fan dit beslút net op. De yntsjinner fan in beswierskrift kin, as it fuortendaliks moat, in foarriedige foarsjenning freegje by de foarsjenningerjochter fan de rjochtbank Noord-Nederland, Afdeling Bestuursrecht, Postbus 150, 9700 AD yn Grins. Oan in fersyk om in foarriedige foarsjenning binne wol kosten (griffyrjocht) ferbûn.

# Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

## **J** Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen

## **P** Art. 5.1 lid 5

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de onevenredige benadeling welke, in uitzonderlijke gevallen, wordt toegebracht aan een ander belang dan genoemd in art. 5.1 de leden 1 en 2, bij andere informatie dan milieu-informatie.